

gebleven - en helemaal in de perceptie van de toeschouwer - is nog slechts (een poging tot) meppen. En dat blijkt te weinig om de kaatser zelf zijn beleving te laten uiten, laat staan dat de harten van de toeschouwers erdoor worden verwarmd.

De conclusie kan eigenlijk niet anders luiden dan dat men wel heel erg veel van kaatsen moet houden om ervan te kunnen houden. Heeft het (gedwongen) gebrek aan mondigheid bij de huidige kaatsers het spel voor een belangrijk deel van zijn levendigheid beroofd, de macht van de nap in zijn huidige vorm heeft ervoor gezorgd dat de kaatssport nog meer in haar karakter is aangetast: van een levendige sport met mogelijkheden tot verrassing op elk ogenblik is het tot een sport verworden met te veel voorspelbare momenten, die het tonen van positieve emoties bij spelers en publiek tot een schaars artikel maken. Aan de huidige kaatssport kan dan ook nog slechts de dynamiek van een kerkhof worden toegedicht. Ook daar heerst de voorspelbaarheid, namelijk die van de dood. En stil is het er ook.

Gerrit Lettinga

Op de Bealch!

Ek it Frysk hat fan 't winter syn spultsje om it moaiste wurd hân. Uteinlings waard it *babbelegûchjes*, fuort folge troch *bargebiten*. It heimsinnige *bjusterbaarlik* mocht fan de inisjatyfnimmer, de *LC*-redakteur Pieter de Groot, net meidwaan omdat it ferwurden is ta in klisjee. Likegoed hienen noch fjirtich lêzers op it wurd stimd. Soks seit wat oer de krêft fan *bjusterbaarlik*. Mr. Klaas Bylisma, de redenrike PC-foarsitter fan 1929-1973, woe mei “in bjusterbaarlike dei” it net ûnder wurden te bringen karakter fan de PC-dei oantsjutte. Fansels moat men fan sa'n fynst ôfbliuwe. Der foelen noch twa keatswurden yn de prizen: *boppeslach* (oars ek al lang ôfsakke ta in klisjee) en, ferrassender, *pripper* (beide twa kear neamd).

Ik soe foar it keatsen sels op wat oars útkommen wêze. De rike keatserstaal is faak hiel direkt, libben, konkreet. Dat wurdt noait dúdliker as men dy fergeliket mei it beskaafde idioom fan de sa ferneamde dochter fan it keatsen, it yn 1874 troch major Walter Clopton Wingfield útfûne tennisjen. In bal dy 't by it tennisjen nei de opslach, ik bedoel service, net weromslein wurdt, hyt in *ace*. “Ace”? Ik kin my der, ek as taalkundige, neat by foarstelle.

Dan it keatsen. Ofhinklik fan de krechte manier fan opslaan giet it om fjoerpylken as (ik begjin noch betreklik fatsoenlik en foarsichtich): in *strûper*, *stekker*, *skroeier*, *brûzer*, *kûgel*, *rakkert*,

kring, *loeder*, *smearlap*, *stjonkert*, *fuilak*, *swijn*. In oar foarbyld. Op himsels jout it wurd *tillegraaf* al hiel konkreet oan hoe't men jin it teltastel foarstelle moat, mar byldzjender noch is it begryp *hang*. Ik soe net iens witte hoe't it telynstrumint by tennisjen hyt. It sil wol sokssawat as *skoareboerd* wêze. En dan de ferskillende oantsjuttingen fan minderwaardige ballen: *aai*, *fûch*, *prom*. Men fielt se al yn de hannen: spul fan neat, fuort dermei! Spitich dat *smoes* (fan “smoes”, “wilige ierappel”) hast útstoarn is. Dit is lykwols it moaiste foarbyld fan de fitaliteit fan keatsertaal: as it oan de lêste punten ta is, brûke tennisers it sterile *matchpoint*, mar keatsers *steane op de dea*.

In protte termen binne, mei “bjusterbaarlik”, heimsinnich, foar in bûtensteander sels ûnbegryplik. Wêr moat dy oan tinke by *krite*, *kwea*, in *moai pikje*, *koart spul*, *tuskenspul*, it *grutte spul*, in *lichte maat*, in *pôltsjekeatser*, in *Boazumer*, *De Freule*, in *smoarge bal*, *gatten yn de hannen*, eh, *klauwen*, yn *de bek slaan*, *stelle*, *fergean*? Hy sil de keatsfjilden ûntflechtsje en de sivilisearre wrâld opsykje. *Forty all*.

It moaiste keatswurd haw ik lykwols noch hieltiten net neamd. Ik stie ferliden hjerst op it *Sukerlaan*, de ûnbegrepen, mar mei dêrtroch sa poëtyske fariant fan Sjúkelân, en dêr waard alderheislikste fûl, om net te sizzen gemeen, keatst, it wie ommers Fræneker ledekâtsen. *Bordje*, *fier-nul*, *twa punten foar ús!* (útrop fan in

ferdwaalde Stânfries). Hâld no gau op jonges. *Meneat*. Moaier keatswurd is der net. It liket sa gewoan-Frysk as wat, mar tagelyk hat it wat dichterliks en ûntrochsichtichs. Lit ús it wurd noch eefkes priuwe: *meneat*, *meneat*... Wêr't it wei komt? Ik ferklap it hjirre, mar jimme moatte it ek fuortdaalk wer ferjitte: “(twa) om de neat”. Mar ûnthâld dit: *Wa't de meneaten net telt, is te min foar it spul*.

Pieter Breuker